

De “oarlochs-PC’s” (1940-1942) neier besjoen

Lykas bekend organisearre it Keatsbûn - en yn neifolging dêrfan ek de PC - yn 1940, 1941 en 1942 ‘gewoan’ syn wedstriden. Doe’t de Dútsers yn de maitiid fan 1943 it jaan fan jildprizen (definityf) ferbeaën omdat dy neffens har net by de ‘amateursport’ keatsen hearden, naam it Keatsbûn it beslút om gjin offisjele wedstriden mear te hâlden. As gefolch dêrfan krych de PC, dy’t ûnder de regleminten fan it Keatsbûn foel, ‘geen toestemming’ om de eigen dei te organisearjen.¹ Pas yn 1945 waarden troch beide organisaasjes wer wedstriden op tou set. Ik ha ien en oar de ôfrûne jierren yn twa publikaasjes beskreaun.² Dat ik hjirre nochris op de PC yn de oarloch kom, hat sawol te krijen mei nij ûntdutsen fotomateriaal as mei de mooglikheid om op dit plak mear detailynformaasje oer de trije ‘oarlochs-PC’s te jaan as yn it PC-jubileumboek koe. Ik besykje om dy PC’s safolle mooglik fan binnenút te beskriuwen.³

Oanrin: 1940

Sa hiel gewoan is de keatserij yn de earste oarlochsjierrren no ek wer net. Hoewol’t de besetter der alle belang by hat om it deistige libben sa folle mooglik op de âlde foet trochgean te litten, is net alles tastien.⁴ Ik behein my hjirre fierder ta de PC. De Frjentsjerter merke, dêr’t de PC fan âlds al tige mei ferbûn is, wurdt fuort yn 1940 ferbean. Op de PC sels (31 july) mei dat jiers gjin ‘vlaggentooi’ wêze. Wol tastien is de tradisjonele rûnrit troch de stêd mei de PC-kening fan it jiers dêrfoar. Omdat de benzine op de bon is, moatte de minsken op de âlderwetske manier nei de PC: mei it iepenbier ferfier, op de fyts (dy’t in jier letter oars nadere wurde sil), mei hynder en wein, te foet ek. Likegoed komt der tsjin de ferwachting fan de PC-kommisje yn wol folk. It PC-ferslach fan dy dei hâldt it op ‘± 3000 bezoekers’⁵, de Frjentsjerter krante jout oan dat der mear binne en sjoen de beskriuwing soe dat wolris wier wêze kinne: ‘het bezoek [was] buitengewoon groot. Alle vier tribunes waren tjolkvol evenals de banken en daarachter omzoomden nog dikke hagen van toeschouwers het veld. Velen schenen deze dag aangegrepen te hebben om zich eens even los te maken van de bewogen sfeer van ons huidige, dagelijksche leven door het bijwonen van dit hoogtepunt van onze oude Friesche volkssport.’⁶ Dit is tusken heakjes ien fan de seldsume kearen - en dan ek noch hiel hoeden - dat de kranten nei de oarloch ferwize. De dei wurdt troch alle kommisjeleden mei har froulju ôfsluten mei ‘een zeer gezellig diner’ yn hotel De Valk te Frjentsjer (hjoeddedei Friesland Bank/Keatsmuseum). ’12 uur moest

worden gesloten, anders had het waarschijnlijk nog wel een uurtje langer geduurd.’⁷

1941

Likegoed ûnderfynt de PC-kommisje fansels ek op yngripender wize de gefolgen fan de nije omstannichheden. Dêr is wat fan te fernimmen yn har foarbeskôging foar 1941 yn de *Franeke Courant*. Ek hjirre wurdt, wer o sa foarsichtich, op de oarloch sinspile: ‘Wij leven dien [PC-]dag allerminst op ons zelf, maar te midden van oude en nieuwe vrienden; een wereld van herinnering rijst voor ons op en het kan wel niet anders, of ook op enig moment doemt de toekomst, hoe onzeker ook, voor ons op. Laten wij dit te zamen goed weten: onvernietigbaar zijn de beste tradities van een volk: deze dagen zullen niet vergaan en mogen dat niet. Laat het ook nu weer een schoon en waardig beeld worden!’⁸ Yn 1941 is de rûnrit, mei it Frjentsjerter muzykkorps de Harmonie foarop, ek net mear tastien. De resepsje (yn dy tiid yn de Doelen) kin noch al trochgean. As de kommisje nei ôfrin dêrfan op it Sjûkelân taset, spilet it korps by de yngong it Fryske folksliet.

It waar is op PC-dei (30 july) min: it begjint de moarns wer flink te reinen en it fjild is al sa wiet, dat der kin earst net keatst wurde. Om it publyk dochs noch wat ferdiveedaasje te besoargjen, jout de PC-kommisje it korps de opdracht om ‘geregeld wat populaire Friesche stukjes te spelen’. Pas om healwei tolven wurdt it ljochter, mar droech kin men it net neame. Dêrtroch ûntbrekke noch de measte keatsers. Omdat de

partoeren 11 en 12 al kompleet binne, begjinne dy. Se wurde ‘door het reeds talrijk opgekomen publiek met stormachtig applaus begroet’. Tsjin ienen is it dan lang om let ‘zoowat droog’. Om tiid te winnen, ferfalt de dan noch gebrûklike middeispauze. Yn de rin fan de middei reitsje alle tribune- en bankplakken beset. Der komme neffens it PC-ferslach úteinlings in 5.000 minsken.⁹ PC-foarsitter mr. Klaas Bylisma hâldt wilens syn wenstige taspraak, foar it earst ‘in de Friesche taal’.¹⁰ De PC-dei is pas tsjin achten dien. Dêrtroch kin de kommisje net earder as om njoggen oere oan it diner begjinne en dat moat dit jier al om alve oere ôfrûn wêze. Mar PC-sekretaris Douwe Reitsma beslút syn ferslach posityf: ‘Deze dag heeft ons geleerd, den moed niet te gauw te verliezen. “Wat donker lijkt, kan ook weer in orde komen.”’¹¹ Dêrmei sil er, bûten it waar, grif ek op de oarlochsomstannichheden doele.

Foto’s fan 1941

Der wie oant no mar in bytsje byldmateriaal fan de trije PC’s út de oarlochsjierrren. It giet frijwol allinnich om foto’s fan priiswinnende partoeren. Wy binne der tige wiis mei dat wy troch de royalens fan Lieuwe Boonstra hjirre fan de PC út 1941 inkelde foto’s mei wêzentlik nije ynformaasje sjen litte kinne. Boonstra hat ferliden jier in album kocht dat fan in Dútske soldaat west hat dy’t (yn alle gefal) yn 1941 yn Nederlân ûnder tsjinst wie. Dy soldaat hearde by de Luftwaffe en hie foar ‘t neist de rang fan Feldwebel (te fergelykjen mei in serzjant 1ste klasse by ús). Hoe’t er hiet en wêr’t er krekt tsjinne hat, witte wy net. Wol meie wy oannimme dat er op ferskillende plakken tahâlden hat, want hy hat neffens de ûnderskriften yn syn album foto’s

makke yn Amsterdam, Rotterdam, Den Haach, Frjentsjer en ek by Koarnwertersân, op ‘Der Damm’, de Ofslútdyk dus. Dy foto’s hat er yn in album plakt, mei as titel: ‘Erinnerungen aus Holland 1941’. Hy liket kunde hân te hawwen yn Frjentsjer. Op ien fan de foto’s dy’t dêr makke binne, stiet: ‘Zondag 30 Maart 1941. Met een van de lammetjes’. Op dy foto is in frou te sjen mei in laam yn har hannen.



In seldsume aksjefoto fan de PC fan 1941.

De PC fan dat jier hat er trije foto’s fan makke. Op grûn fan oerienkomstige details op de foto’s (bygelyks oantal taskôgers en har posysje) meie wy oannimme dat se koart nei-inoar nommen binne. Wy litte fan dat unike materiaal no twa ôfbyldingen sjen. Net alles is like dúdlik. Dat jildt spitigernôch ek foar de spilers, dy’t ek noch mar op ien fan de trije foto’s steane. Se binne eins te lyts en ûnskerp om der mei wissichheid wat oer te sizzen.

De earste foto jout in byld fan de wedstriid. Dat is by myn witten de iennichste dy’t soks fan in ‘oarlocks-PC’ sjen lit. Ik begjin mei de achtergrûn. De beammen op it Bolwurk sitte opfallend min yn it blêd. Op de Bolwurktribune steane de fertroude bylden: liuwen en mytologyske goaden út de Klassike Aldheid. Hoewol’t it hjirre net hiel dúdlik te sjen is, kin op grûn fan de beide oare foto’s moai wis steld wurde dat op de Bolwurk-

tribune de oranje-blanje-bleu-flagge, de NSB-flagge dus, wapperet (op dizze foto oan de noardkant, op de oaren ek oan de súdkant). Neffens de Ljouwerter krante hinget ek de PC-flagge út.¹² Blykber jilde foar 1941 gjin absolút ferbod op flaggen, al is de ‘tooi’ wol sober hâlden.¹³

Der lizze trije perken.¹⁴ Dat sil dien wêze om tiid yn te heljen. Likegoed binne net mear as njoggen keatsers te sjen. Omdat de spilers neist



PC 1941: ûnder tasicht fan de Dútsers.

de swarte broek allegearre in wyt shirt drage (mei dêr in 'overgooier' oerhinne) moat de foto noch yn de earste omloop nommen wêze: yn de twadde omloop koenen de keatsers yn dy tiid har eigen kleur shirt útsykje. Dat der noch net oeren spile wêze sil, soe men ek opmeitsje kinne út it fjild: dat liket noch net bot ferrinnewearre. It fjild ferkeart oars, nettsjinsteande al it reinwetter, 'in een prachtconditie'.¹⁵ De karmaster by de opslach hat gjin oerjas oan, dat it sil ûnderwilens wol droech wêze. Der lykje (ek op de oare foto's) noch wol aardich wat plakken frij op bank en tribune en de net-beteljende taskôgers op it Bolwurk litte har noch goed telle. As wy al dy gegevens kombinearje mei wat fierder oer de dei

bekend is (sjoch hjirboppe), soenen wy oan-nimme kinne dat de foto sa tusken ienen en trijen nommen is.

De opslagger slacht by de foar 't minste stuit wei. Hy liket op Bauke Wiersma, mar dy sloech neffens de list en de kranteferslaggen foar 't bêst op. Hy keatste dy deis mei IJnse Kuperus en Frans van der Vliet. De meast rjochtse (foaroerbûgde spiler) bringt jin kwa hâlding en postuer Sjouke Helfrich yn 't sin. Dy soe it dy deis mei foarynse Jan de Groot (kening) en opslagger Klaas Kuiken winne. De fjildspiler fuort rjochts fan de opslagger hat wol wat fan Taede Zijlstra, mar oft it him is? Der binne my troch keatsken-

ners as Frans Helfrich en Jelle Takema ek noch oare nammen foarhâlden. Ik sil dy no net neame, omdat der by elke namme ûnwissichheid is. Suggestjes fan lêzers binne o sa wolkom by de auteur.

Op de oare foto litte de klean fan it publyk sjen dat it gjin simmerwaar is. Mar it liket wol droech te wêzen: de jonge oer it stek hat gjin jas oan en de man rjochts foaroan draacht syn jas oer de earm. Op de foarige foto jout de tillegraaf by de Bolwurktribune fiif earsten oan. Omdat der op dizze foto publyk om it fjild rint, soe dy partij krekt ôfrûn wêze kinne. Wat de hjoeddeiske taskôger fierder opfalt, is dat der twa rûne tintsjes binne – neffens wenst ien foar de kommisje en ien foar gasten. Oan de noardkant fan it fjild hingje wimpels út. Dy fersterkje it idee dat der yn 1941 gjin (totaal)ferbod op flaggen wie. Mar wy moatte ús net fersjen, it is beslist net allinnich mar fleur. De persoan rjochts op de foargrûn makket de oarloch hiel konkreet sichtber: mei de rêch nei ús ta stiet in Unteroffizier fan de Luftwaffe. It soe in kollega fan de fotograaf wêze kinne. Ek dizze foto mei in direkt bewiis fan de Dútske besetting is unyk.

It falt net ta om jin konkreet in byld te foarmjen fan de sfear, de gong fan saken op de PC fan 1941. De oarloch lit him jilde, dat is dúdlik. De hegerein kin net mei de 'stoomfiets' of soms sels eigen auto nei de PC, der is gjin rydtoer troch de stêd en ek gjin merke, de besetter hâldt op it fjild ta, it kin gjin mins ûntkomme. Mar dêrneist binne ek in hiel protte saken fertoed. It publyk is goed opkommen en kin ûnderdak fine yn de fjouwer tribunes, de (jild)prizen binne as fan âlds, âld-keatser Catrinus Werkhoven is wer skieds-

rjochter, it fjild is (yn alle gefal wat) oanklaaid, de Harmonie soarget foar libbene muzyk en ‘de heer C. Mollema [...] voor versterkte gram-mafoomuziek’.¹⁶ Miskien is it belangrykste noch wol dat alle keatsers fan namme meidogge.¹⁷

1942

Yn 1942 liket it doch wat oars. A. Semplonius, ‘Procureur-Generaal, fungerend Gewestelijk Directeur van Politie’ te Ljouwert, skriuwt dat de PC fan dat jier (29 july) trochgean mei ‘mits de eventueel door het Hoofd van Plaatselijke Politie te stellen regelen in verband met de openbare orde stipt worden opgevolgd.’

Boppedat ‘mogen [er] geen muzieknnummers van Amerikaansche, Engelsche, Russische en Joodsche componisten ten gehoor gebracht worden.’¹⁸ No wie fan it begjin fan de besetting ôf it spyljen fan Ingelske en ‘joadske’ muzyk al ferbean, mar dêr kaam letter Russyske en (yn desimber 1941) Amerikaanske muzyk by.¹⁹ De regels wurde dus (noch) stringer.

De kommisje is dat jier mar foar in part op de PC presint. Untbrekt Anne Westra fanwegen persoanlike omstannichheden, PC-foarsitter mr. Klaas Bylsma sit fêst yn St. Michielsgestel. Hy is op 4 maai mei sa’n 460 oare yntellektuelen op-pakt. De Dútsers hoopje mei troch dy maatregel it ferset te ûnder de tomme te hâlden. As dat (al te bot) yn opstân komt, kinne gizelders yn St. Michielsgestel eksekutearre wurde.²⁰ De oerbliuwende trije kommisjeleden, fan wa’t ien - Sjoerd Hogendijk - ek noch op de hân fan de Dútsers is, wurde beselskippe troch de Ortskommandant. Sa’n 7.000 taskôgers²¹ (in rekord) binne dêr tsjûge fan. ‘De sfear wie om te snijen’, sa skriuwt jierren letter Leo Vogels,

ien fan de keatsers op de PC fan 1942.²² Net (waarnimmend) foarsitter Bente Wassenaar, mar Sjoerd Hogendijk dielt de prizen út. De kom-misje komt de jûns byinoar op it kantoar fan mr. Bylsma. Dêr wurde mei kaart- en listferkeapers de jildsaken ôfhannele, ‘waarna nog een kopje thee bij Mevrouw Bijlsma is gedronken’. Dizze kear dus hielendal gjin diner as ôfsluting.²³ De belangrykste konklúzje kin wêze dat de gefolgen fan de oarloch foar 1942 taastberder lykje as foar 1940 en 1941. Sa besjoen is it miskien mar goed dat it keatsen yn 1943 en 1944 stilleit.

Frij

Hoe oars is de situaasje yn 1945: de Dútsers hawwe har oerjûn en it sjocht letterlik en figuer-lik swart fan de minsken op it Sjúkelân. Foto’s litte sjen dat guon sels binnen de linen lizze.

It mist net: de 8.000 !! besikers fiere op PC-dei de Befrijing noch in kear.²⁴ En de PC-kommisje skriuwt op de wedstriidlist²⁵ fan 1945: ‘hjoed hoeve ús jonges hjarren net mear to forstekken, wirde de fytsen, dy’t noch rydber binne, net mear stellen en hawwe wy de Poep net mear op ús tinte. Hjoed binne wy wer baes yn eigen hûs, al moat er noch húsmanne wirde mei o sa’n bytsje ...’.

En Jan van der Mei skriuwt op dyselde list oer Jan Rodenhuis, de PC-kening fan 1942:

‘Jou keningskip det dûrre lang;

De tiid fen leed holp dêroan mei! ...

Mar ‘t “Herrenfolk” det is nou foart,

En ‘t Heitelân det keatst op nij.’

Pieter Breuker

* Mei tank oan Lieuwe Boonstra foar syn ynformaasje oer de Dútsers, har klean, rangen ensafuorthinne en fansels foar syn meidielingen oer de fotograaf en syn wurk.

Noaten en boarnen

1. Ferslach fan de ‘Vergadering op Woensdag-avond 9 Juni 1943’ (PC-argyf).

2. Sjoch oer it keatsen yn de oarloch: Pieter Breuker. ‘Een eeuw kaatsorganisatie’. Yn: Pieter Breuker (einred.). *Kaatsen: lange traditie, levende sport; bij het eeuwfeest (1897-1997) van de Koninklijke Nederlandse Kaatsbond (KNKB)*. Leeuwarden/Ljouwert, pp. 20-23; Pieter Breuker. ‘De PC: oardel ieu, mar fitaler as ea’. Yn: Pieter Breuker en Jan Pieter Janzen (einred.). *De fiifde woansdei; 150 jier PC (1853-2003)*. Franeker, 2003, pp. 74-76. It beslút om net te keatsen freget moed en wiisheid: it giet yn tsjin wat de Dútsers woenen en dat wylst fan it Keatsbûn trije fan de seis haadbestjoersleden op ‘e hân fan de Dútsers binne (en fan de fiif PC-kommisjeleden ien).

3. Foar myn artikel binne de oantekens fan de PC sels, oanfolle mei kranteferslaggen, de belangrykste dokuminten. Yn de noaten - en dus sydlings - haw ik hjir en dêr ek bredere perspek-tiven oanjûn. Sjoch dêrfoar fierder ek de yn de foarige noat neamde literatuer.

4. Sjoch foar it plak fan de sport yn de Twadde Wrâldoarloch: André Swijtink. *In de pas; sport en lichamelijke opvoeding in Nederland tijdens de Tweede Wereldoorlog*. Haarlem, 1992. Swijtink neamt as ien fan de belangrykste yngrepen fan de Dútsers ‘de verwijdering van de joodse sport-mensen uit de Nederlandse sportwereld’ (p. 114).

5. ‘Beknopt verslag van de 87e wedstrijd der P.C. [...]’ (PC-argyf). Dat wie foar dy tiid in betreklik normaal oantal.

6. *Franeker Courant*, 2 augustus 1940 (‘tjolkvol’ is fansels in typeflater). Der binne in 2.400 sitplakken. Mei de rigen minsken om it fjild hinne moatte der al gau sa’n 4.000 besikers west hawwe. By dizze sifers is it goed om te betinken dat it oantal sitplakken yn de rin fan de jierren tige útwreide is. Sa kinne no mar leafst in 6.800 minsken in plak op bank of yn tribune fine.

7. ‘Beknopt verslag van de 87e wedstrijd der P.C. [...]’ (PC-argyf).

8. ‘Onze 88ste Wedstrijd’. Yn: *Franeker Courant*, 25 july 1941. De tekst sil skreaun wêze troch mr. Klaas Bylsma, de foarsitter fan de PC.

9. Der binne 4.904 beteljende besikers, fan wa’t 2.489 in sitplak kocht hawwe (Ferslach fan de ‘Vergadering op 7 December 1942 [...]’. PC-

argyf).

10. Ien fan de earste oansetten fan de kommisje ta it offisjeel brûken fan it Frysk is de wedstriidlist fan 1937: dêrop steane twa Frysktalige kwatrinen fan Jan der Mei. It iene giet oer de âld-keatskening Jan Reitsma, it oare oer Taede Zijlstra, dy't dan noch keatst. Op de list fan 1940 stiet foar it earst in (wer) Frysktalich gedicht op de kening fan it jiers dêrfoar, ek fan Jan van der Mei. Dy hat sûnder mis hydroegen ta it 'ferfryskjen' fan de kommisje. De Frykskin-nige Van der Mei publisearret (anonym oars) ek in Frysktalige foarbeskôging oer de PC fan 1941 ('P.C.-dei to Frjentsjer'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 26 july 1941). Ek yn 1942 hat er sa'n stik ('It Keatsen yn Fryslân. De P.C.-dei'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 20 july 1942). C[ornelis] S. R[oersma] docht dat jiers itselde yn de Frjentsjeter krante ('By de P.C.party woansdei 29 July 1942'. Yn: *Franeke Courant*, 24 july 1942). En de PC sels komt dan mei in Fryske tekst op de wedstriidlist fan 1945 (sjoch de ein fan dit artikel).

11. De (oare) bysûnderheden oer it jier 1941 berêste op it 'Verslag van de 88e wedstrijd der P.C. [...]' (PC-argyf).

12. [J] H[ooiring]. 'Ondanks regen geslaagde P.C.-dag'. Yn: *Leeuwarder Courant*, 31 july 1941.

13. Dat jilde wol foar 1940: it 'Beknopt verslag van de 87e wedstrijd der P.C. [...]' (PC-argyf) seit dat 'er geen vlaggentooi mag zijn'.

14. Yn 1940 wurde de earste omlopen (neffens wenst) yn twa perken ferkeatst. Sjoch: 'Beknopt verslag van de 87e wedstrijd der P.C. [...]' (PC-argyf).

15. 'De 88ste P.C.-partij'. Yn: *Franeke Courant*, 1 augustus 1941.

16. Sa stiet it op de list; it jiers dêrop is it (heal) ferbettere yn 'grammafoonmuziek'.

17. Dat jildt oars ek foar 1940 en 1942. It is my net bekend dat keatsers as protest tsjin de Dútsers net oan de 'oarlocks-PC's' meidien hawwe.

18. Brief yn PC-argyf. Ik ha dy brief allinnich foar it jier 1941 fûn, mar dat wol noch net sizze dat der allinnich dat jiers sa'n skriuwen kaam: Ingelske en 'joadske' muzyk wie ommers fuort al ferbean.

19. Sjoch: www.jazzarchief.nl/geschiedenis/hoofdstuk_2.html-30k-

20. Bylsma wurdt yn april 1943 frijlitten. Sjoch foar mear details it twad oanhelle wurk yn noat 2.

21. 'met het traditionele gratis-publiek op het bolwerk zullen een 7000 vereerders en -sters van het aloude spel met den kleinen bal dezen roemvollen wedstrijd, dit prachtig stuk folkloristisch sportleven met z'n imposante mise en

scène hebben gevolgd.' Sjoch: 'De P.C.-partij te Franeke'. Yn: *Franeke Courant*, 31 july 1942. De groei fan it oantal taskôgers past yn it algemien byld fan sport yn Nederlân yn dy tiid: der is oer de jierren 1940-1944 in ferdûbeling fan it oantal ferkochte kaartsjes fan goed fjouwer miljoen oant goed acht miljoen. Dy taname hie oan de iene kant te meitsjen mei stimulearjende maatregels fan de oerheid, oan de oare kant mei it ferlet ûnder de minsken om yn de sport ôflieding te sykjen, te flechtsjen hast. Sjoch: André Swijtink, oanhelle wurk noat 4, ûnder mear pp. 119, 122-123. Ek it oantal organisearre sporters gong yn de oarloch neffens Swijtink (pp. 118-119) omheech. Yn dat ferbân wiis ik op de spektakulêre groei fan it oantal leden fan it Keatsbûn: dat naam ta fan 7.505 yn 1940 oant 10.000 yn 1944 en it kaam yn 1946 op 12.940 út (sjoch earst oanhelle wurk noat 2, p. 120).

22. Josse de Haan en Baukje Wyttsma. *Tuskenspul; keatsfreonen oer it keatsen*. Boalsert, 1997, p. 87. Earder al hie Jan Rodenhuis, dy't ek op de PC fan 1942 keatste, dêr dit oer skreaun: 'De rechte stemming was er niet. De voorzitter van de P.C. was weggevoerd en de brutaliteit ten top: de Ortscommandant, als ongenode gast, zetelde op de bestuurstent'. Sjoch: Jan Rodenhuis. 'Herinnering aan een P.C.'. Yn: *Jubileumboekje 100 jaar PC 1853 1953*. S.p. [Frjentsjer], s.j. [1953], p. 31. Ik moat op gesach fan Rodenhuis oannimme dat de Ortskommandant net útnoege wie, mar men soe jin, sjoen de troch my beskreaune situaasje (sjoch ek noat 2) ek yntinke kinne dat it justjes oars gongen is. Neffens Swijtink wie de besetter oars weromhâldend yn in al te sterke 'nationaal-socialistische omwenteling in de sport': de sportwrâld soe him sa tsjin de besetter keare kinne (sa't yn Noarwegen it gefal wie). Sjoch: Swijtink, oanhelle wurk noat 4, ûnder mear pp. 88-90.

23. 'Beknopt verslag van de 89e wedstrijd [...]' (PC-argyf).

24. Sjoch foar it oantal it twad oanhelle wurk noat 2, p. 76.

25. Troch papierkrapte ferskynden der noch gjin kranten.